

## ● Rekord tal oanlopen

Aldste dielnimmer wie de hear F. Ozinga út Drachten mei syn 57 jier. Hy soarge ek foar in nij rekord. Hyltiten naem er in oarin en dan wie't krekt of skeat him hwat yn't sin. Hy stoppe dan, naem wer in koart oanloopke en stoppe dan wer. „It is gjin keatsen, Ozinga” rôp master Hiemstra troch de mikrofoan. „Dit is syn taktyk”, sei in oaren ien. In tv-man liet hyltiten syn kamera meibiwege mei de hear Ozinga, dy't dan lykwols „op zijn schreden terugkeerde”. De kamera al lyksa. It sicht fan de tûzenen op'e Sint Jabik waard fortsjustere troch de triennen, dy't se har yn'e eagen lake hiene, mar by de tolfte sprong wie it raek: 9.56 m. By syn twade sprong, nei seis forgese oanrinnen, kaem de hear Ozinga op 9.20 m. Njoggentjin oanlopen foar twa sprongen. It koe net op!

Yntusken wiene ek de trettjin froulju mei ljeppen útein set. Jongste dielnimmer by de froulju (en fan de hiele wedstriid) wie de tolfjierrige Klaske Rosier út De Ryp. It applaus makke de loft boppe Winsum fol, dat hja yn it wetter soalde. Mar noch greater wie it applaus, doe't hja by har twade sprong mei 9.20 oer de feart kaem! In fanke, dêr't yn de takomst noch wol it ien en oar fan forwachte wurde mei. It gie fansels by de froulju tusken Hiske Penninga út Sint Anne en Jikke de Jong út Jiskenhuzen. Jikke hat nou twa jier kampioene west en dêrfoar wie fjouwer jier de eare foar Hiske. Mar der wiene noch twa goede konkurrenten foar de dames: Nelly Wendelaar Bonga út De Ryp en Jinke Hoekstra út Wurdum. Nei de earste omloop wiene de sifers foar Hiske, Nelly, Jikke en Jinke respektivelik 10.06, 10.09, 9.45 en 10.01 m. De kampioenen fan de lêste seis jier soene dus alle silen bysette moatte om Nelly en Jinke de baes to bliuwen. Hwat Hiske oanbilange slagge dat goed, mar Jikke makke folslein gjin kâns. By de twade sprong hellen de dames 10.19, 9.95, 8.60 en 8.79 m. Jikke wie kampioene ôf, dat wie dúdlik. Hja wie yn selskip fan in rychje susters-fierljepsters, allegearre út „de school W. S. Abma”.

It wie al efkes oer healwei fiven, doe't elk oan bar west hie en it gie om de lêste sprongen foar it kampioenskip. Hiske brocht it ta 9.84 m, Jikke rekke by de twade sprong yn it wetter (hja mocht meldwaen as kampioene fan forline jier) en it fanke út Sint Anne hie de tried fan twa jier werom dus wer opnommen. By de junioren waard kampioen R. Rosier út De Ryp mei 12.18 m.

## ● De einslach

*Spannend wie de einslach by de senioren. W. S. Abma koe by syn earste sprong net oer it deade punt hinne komme en naem in dûk. George Valkema hie in pracht fan in kâns. It gie geweldich, de pols stie yn in wiide bôge ûnder him midder yn'e feart*

*en doe kaem it meast tragyske moment fan de dei: de pols bruts. Valkema dûkte ûnder, kaem yn de feart oerein, gie rjochtop tsean en sloech mei beide fûsten fûleimich op it wetter. Span hie in geweldige ôfsprong en kaem op 13.57. Valkema, dy't syn sprong oerduwen mocht, kaem doe op 13.85, mar kaem hwat ûngelokkich del en roun mei syn rjochterhân op it linkerskouder fuort. Hy hie him biseard en wol sa, dat er gjin twade sprong meitsje koe. Der moast in dokter komme en Valkema wie útskeakel. Spitich!*

Roel Bokke Span soarge dêrmei foar de sprong fan de dei. Syn pet fleach him fan'e holle, mar hy fiede him as in kening yn'e loft. Yn spanning wachtte elkenien op'e útslach, dy't net lang op him wachtsje liet: 14.09 m. In nij rekord. Oud-deputearde H. M. Gerbrandij sette de winners yne' krânsen. Jammer wie, dat letter, doe't alles noch ris krekt neimetten waard, bliken die, dat de sprong trettjin of âlve sentimeter koarter west hie. De ôfstân fan de batte nei de trettjin-meter line waard metten en die wie doe gjin trettjin meter (mear), mar lâns de iene kant fan de batte 12.87 m. en lâns de oare kant 12.89 m. Alle minsken binne nei hûs gien mei de sprong fan 14.09 yn'e holle, mar troch it forskouwen fan de trettjinnmeterline tidens de wedstriid moat der dus trettjin sentimeter oflutsen wurde. Gjin nij rekord dus!

De organisaesje yn Winsum wie wer

earste klas. Der binne in pear dinkjes, dêr't noch ris hwat oan dien wurde moat. De wedstriid duorre hwat to lang (oant sahwat healwei seizen, trije en een heal ûre dus). In ljeppen fan trije skânsen giet wol fluch, mar der wurdt hjir ljept en dêr ljept en der ljepte al wer oaren as de útslaggen fan de foarigen bikend makke wurde kinne. Dan wie ek net alles to forstean hwat der út de forsterkers kaem. Der waard oars goed kommentaar jown en dat makke de wedstriid foar de minsken oantrekliker. Al mei

al lykwols in prachtmiddei, dy't sa stadichoan ek oanspraek meitsje kin op it predikaet „bjusterbaerlik”.

Bûten wiene de trije winners (fan de dames, de junioren en de senioren) al yn'e krânsen set en Roel Bokke Span hie de sulveren pols yn bisit krige. Dêrnei waerden yn seal Sipma de oare prizen útrikt. De „Hollanners” hiene in Saenske klok meinommen foar de ljepper fan bûten Fryslan, dy't de bêste prestaesje it tichtst binei kommen wie. Dat wie in Fries! Atema ut Grou, mar plysje op Soestdijk. . .

Utslaggen. Groep 1 (jonges o.e.m. 13 jier) 1. E. Kamstra, Winsum 10.58; 2. P. Kramer, De Jouwer 10.03; 3. O. van der Mossel, Froubuorren 9.53.

Groep 2 (jonges 14 en 15 jier) 1. H. van der Velde, De Jouwer 10.84; 2. Joh. van der Woude, Froubuorren 10.60; 3. H. Meinema, Metselwier 10.39.

Groep 3 (jonges 16 o.e.m. 18 jier) 1. R. Rosier, De Ryp 12.18; 2. J. Dijkstra, Himmelom 12.13; 3. I. Woudwijk, Froubuorren

Groep 4 (mannen 19 o.e.m. 30 jier) 1. R. B. Span, Stiens 14.07; 2. Tj. Feenstra, Stiens 13.89; 3. G. Valkema, De Jouwer 13.39.

Groep 5 (mannen 31 o.e.m. 40 jier) 1. W. S. Abma, Idakenhuzen 13.38; 2. S. Maurits, Aldtsjerk 10.79; 3. G. Bouna, Himmelom 10.17.

Groep 6 (mannen 41 jier en âlder) 1. J. R. Faber, Froubuorren 10.76; 2. S. Woudstra, Aldtsjerk 9.60; 3. F. Ozinga, Drachten 9.56.

Groep 7 (froulju) 1. H. Penninga, Sint Anne 10.19; 2. N. Wendelaar-Bonga, De Ryp 10.09; 3. J. Hoekstra, Wurdum 10.01.

Kampioenen: Froulju: Hiske Penninga, Sint Anne 10.19. Junioren: R. Rosier, De Ryp 12.18. Senioren: R. B. Span, Stiens 14.09



De trije kampioenen by de huldiging. Fan l. nei r: Hiske Penninga, Roel Bokke Span en Rindert Rosier.